

André Looijenga

De trein nei Monastir



otherwords



oarewurden



Omslachfoto: André Looijenga

André Looijenga

De trein nei Monastir

Budapest → Beograd

Op ien fan de alderâldste films yn Masedoanië makke, is de besite fêstlein fan sultan Mehmed V Reşad oan Bitola, dat doe noch as Monastir bekend stie. Op de knypeagjende swartwytbylden sjochst in selskip hearen mei fezzen op omdangeljen foar it stasjonsgebou. De doar giet iepen, in stevige hear yn like donker unifoarm en fez mei romte om him hinne en in sabel oan 'e side komt derút. Saluearjen, de sultan stapt yn in iepen koets, in knip en dan de sultan op in heech bordes mei pommeranten.

It wie 1911, sultan Mehmed V wie net folle mear as de marionet fan in militêre junta. Efterôf, hat dy rûnreis fan de kalyf fan 'e islam / lieder der leauwigen / sultan fan it ryk fan Osman / keizer fan Rome / fâd fan 'e twa moskeeën etc. etc. troch Masedoanië it lêste oanfloepsen west fan it knipperjend âld neonljocht fan de Ottomaanske hearskippij yn Súdeast-Europa. It jier derop foel in koälysje fan eastersk-ortodokse eardere fazallen it troch reboelje teheistere Europeesk-Turkije yn. Under harren de Serviërs dy't súksessen behellen by Üsküp en by Monastir, – efterôfsjoen de oarsaak foar de ûnôfhinklike Republyk Masedoanië tachtich jier letter. Mei rûge halen binne sa de grinzen sketst dy't letter de iuw mei de pinne oerlutsen en yn beton en stikeltried getten waarden.

It oplûken fan de trein skokt my út 'e sliep. It ratteljen fan de izeren tsjillen en assen op in lange izeren brêge is as it ôfgean fan in wekker, in minút as wat nei it wekkerwurden. Dat moat de Donau west ha, haw ik troch, en wy moatte niiskrekt Novi Sad útriden wêze. It is ljocht efter de gerdyntsjes. Yn kleur. Ik wol oerein, fuort út de benaude couchette. Ik sko my út de ûnderste bêdbank, stek de fuotten yn 'e skuon en slûp stil de kûpeadoar troch. Op it gonkje is it útsjoch helgrien, ik lûk it rût nei ûnderen: ik ynhalearje de simmermoarn en tink, ja, sa moast it ferhaal fan myn treinreis nei Bitola mar begjinne.

Tsjin de drûge mûle nim ik it stealtsje fan justerjûn, in Eastenrykske frisdrank dy't smakket nei sitroen en ferskaald bier. Mei slûge eagen drink ik foarbyratteljende earste yndrukken fan de efterkant fan Servië. Beammen mei oarsoartige blêden, op in rigeltsje oan 'e tûk. In stedsje mei in salmrôze stasjonsgebou, suterich ûnder de graffiti. In man sit op in skurf houten bankje ûnder in oerkapinkje op skurve brune peallen, in frou stiet op in ferkrommeljend Perron. Илџија hjit it der, *Indija*, – en sa soe Yndia der ek útsjen kinne iere moarns, stel ik my foar. Dan wer huzen, hokken, wielderich strewelleguod. Wite barokke tsjerketuorren. It is ommers noch Vojvodina, it noardlik part fan Servië dat mear as twa iuwen súdlik Habsburchsk grinsgebiet wie.

Goed ien oere nachts wie ik ek al wekker stommele. Paspoarten sjen litte. Oan de EU-bûtengrins gie in Hongaarske plysje de kûpees by del. Op it unifoarm in twadield provinsjewapen mei in huzaar mei kromswurd en in ûnthalze Turk. Dan doarren dy't tichtslane, keppelings dy't rattelje: in ranzjearterrein mei lantearnepeallen dy't de simmernacht bûtergiel bykleure. In Servyske plysjeman giet by de kûpeadoarkes lâns, stampelet passen.

Hieltyd fierderop lûd fan doarkes, oanwizings roppende stimmen. De drompel oer is wachtsjen yn in haltsje, it stik fan 'e nacht dat hast wer skimer wurdt.

Gjinien giet sûnder bagaazje op reis. Elk hat syn ferwachtings yn 'e bûse, eardere ûnderfinings yn 'e rêchpûde, foaroardielen yn 'e koffer. Joegoslavië wie foar my synonym oan de oarloch, dy't it meast fan alle oarloggen út it nijs my oangrypt hie. Ik wie njoggen, tsien doe't Joegoslavië yn boargeroarloch útienfoel. De leeftyd datst net allinnich fan in ôfstân de ferbannen yn de wrâld om dy hinne begjinst te snappen, mar ek namste gefoeliger wurdst om de lytse ferskillen en spannings dêryn te fernimmen. Of alteast, sa'n bern wie ik. Wat it jeugdsjoernaal fertelde, hoe't Serviërs, Kroäten en Moslims koartlyn noch gewoan inoarrens buorlju west hiene, lei my yn dat lytse ferskillen tusken buorlju fatale breuklinen wêze koene. Yn minne dreamen bylde ik my ús Fryske greiddoarp yn, mei syn subtyl noch te merken brokstikken fan de tsjerklike pylders. It ûnnoazelste ûnderskied, – dat it bygelyks as better fiede om wol in tsjerke te hawwen mei in grouwe âlde toer en puntruten, en in dûmny mei in swarte toga en baret –, wie sa besjoen ommers like djip as de abstrakte skisma's dy't yn Joegoslavië ta ferdriuwing, mortierbesjittings en ferdwinings konkretisearre waarden. It Joegoslavyske lânskip dat ik fan tillefyzje koe, wie ek fertroud; de beboske heuvels seagen derút as Dútslân yn 'e simmerfakânsje. Ik stean út it treinrút te mimerjen, en ik sjoch krechtsokke fjouwerkante huzen, mei flakke fealreade punttaken, heal ôfwurke muorren fan bakstien yn in betonnen ramt.

Op it gonkje is it noch stil. Ek de Hongaren sliepe noch, yn de kûpee neist minent.

Justerjûn tsjin tsienen wie ik oerstapt op Budapest-Ferencváros, út 'e trein fan Wenen nei Boekarest om dizzent net te missen. Ferencváros wie mear in opstelsoar as in stasjon: in lege betonnen romte mei rails. Der stie ek noch in Servyske jonge, hie yn Hongarije op in 'pig farm' wurke, gie no nei hûs yn Bačka Topola en soe oer in wike as wat nei Denemarken. Dêr fertsjinnest mei it fuorjen fan bargaen fjouwer kear safolle de moanne as yn Hongarije, mei in 'veterinary' oplieding en kreas Ingelsk. In frachttrein ried lâns. Doe fluite om 'e hoeke in lokomotyf, de trein nei Belgrado kaam ôfremmend op ús ôf. Ik seach gau op myn kaartsjes, sei hastich goereis en drafke mei de koffer nei de wagon mei myn nûmer.

Ik hise my oan board, stapte sykjend nei myn couchette. Dy wie al beset troch fjouwer fammen, Françaises. De kondukteur melde him ek, ik liet him myn kaartsjes sjen. Ien fan 'e dames woe útlizze hoe't it siet mei de kûpee. De kondukteur makke gripende bewegings nei myn kaartsjes, hy prate allinnich Servysk. Der kaam ek lûd út de kûpee hjirneist. It foarkommen fan twa oansketten Hongaren ferklearre wêrom't net twa fan de famkes by harren yn woene. Oft se ruilje koene. Nee, dit is myn plak, hold ik fêst. De kondukteur moast myn kaartsjes meihawwe, sei er yn lûder Servysk. Ik hold se fêst, dit wie myn plak, myn kaartsjes. Ik koe de fammen ek net oan de Hunnen oerleverje; ik sei, jim kinne alle fjouwer hjir wol. De kondukteur stie der noch te hânophâlden, oant in Ingelskpratende jonge dy't lânsrûn, sei: it is de bedoeling datst dyn ticket joust, krijst it moarn werom. – Ik koe myn kûpee yn. De fammen wiene Erasmus-studentes yn Budapest, wykein fuort. Se ferstiene net allegear goed Ingelsk, ekstra ridderlik skeakele ik nei stadich skoal-Frânsk. Dêrop praten se ûnderinoarren rêd fierder yn it Sineesk dat foar moadieu sprektal-Frânsk trochgiet. Har bekleiend om misrûn selskip eamelen de Magyaren foar elk ûnfersteanber op it gonkje om, ús kûpeedoarke bleau ticht. In bettere reisskriuwer as my hie him mei sokke buorlju nei in lange treindei noch bedronken. Ik wie ynein. De couchette klapt wy iepen; fjouwer Frânske famkes pasten wol op trije bedsjes.

Ik gapje wat nei. Maisfjilden. Ikkers mei hop yn 'e stringen. Gestommel efter my. Ien fan 'e twa Hongaren moat nei 't húske. 'Jó reggelt!', begroetsje ik de man yn syn eigen taal. Ferheard mompelet er wat werom.

Servië sjocht der twaddehâns út. Ut en troch lykje it hast sloppewykjes oan it spoar. Dan ferskine István en István beide foar my, mei freegjend gesicht en fragen yn it Hongaarsk. Se litte fersketten plestik paskes sjen fan de Hongaarske spoarwegen. Myn brokjes *magyarul* binne foar har in rêdingsboei. 'Nem értem,' ferûntskuldigje ik. Wy binne hast yn Belgrado. In útdraai komt tefoarskyn, in list mei plaknammen einigjend mei Burgas: alle tuskenstasjons oant de Bulgaarske Swarte-Seekust. Ik wiis dat se noch net hjir yn Nov Beograd út moatte, mar oerstappe op it grutte stasjon. Ut it rút sjoch ik twa útstapte East-Aziaten mei grutte koffers doelleas op it post-apokalyptyske perron omspanen, wylst de trein wer fuortrydt.

Beograd → Niš

It sintraal stasjon fan Belgrado, dat binne kûlissen. It stasjonsgebou, op it plak dêr't de spoaren fan dit kopstasjon útkomme, is in L-foarmich bouwurk yn smoarch mostergiel, grif noch út de 19e iuw. It hinget fan plakbân oan elkoar. It liket as is it boud as in filmset, en nei opnames yn de jierren '50 binne de figuranten omhingjen bleaun. Ald wurden sitte se op bankjes mei har bagaazje yn plestik pûden. Dat der treinen parkeard steane, hâldt de yllúzje yn libben dat reizgjen mooglik is.

Sizze dat de tiid hjir stilstean bleaun is, soe in misfetting wêze. Op stasjon Belgrado rint de tiid tebek.

Der is ek net in meidielingeboerd wannear't en wêr't de treinen fertrekke. By de perrons steane buorden om de bestimmings oan te jaan, mar dy wurkje sûnt lang net mear. 'Wêr is de trein nei Skopje?' – 'By dy nei Sofia, dêr fierderop.' – Ik rin lâns in wagon út Sint-Petersboarch, lâns ien út Moskou. 'Skopje?' – 'Njet, Sofia.' – Foaroan steane in pear kondukteurs. Ien fan har praat Dútsk. 'Nach Skopje?' – 'Nein.' Hy besjocht fernuvere myn kaartsjes: 'Ihre Fahrkarten sind in Ordnung. Aber Zug fährt nicht. Nächste Woche fährt.' – Mar ik kin mei yn de trein nei Sofia oant Niš ta, wat healwei Skopje leit, en dan is dêr wol in bus. Myn reisdoel Bitola is dêrnei soarch foar moarn.

Ik hie nei de trein ta István en István noch yn it sok. Ik hie de Hongaren wiisd op 'e twaddeklaswagon mei 'София'. Se winke en kom by har. De Dútskpratende kondukteur hat my lykwols nei de earsteklaswein wiist, dêr't ik graach delplof op de lege plúsjen banken. It sil mei de trein wol net in Europa-fan-twa-snelheden wurde, mar om my hjoed wol in Europa fan twa ferskillende treinklassen. It wie krekt op 'e tiid foar fertrek. It is in treinstel mei sêfte flierbedekking, banken fier útinoar; guon passazjiers dogge daalk de skuon út.

It is as binne wy hast fuortendaalks bûten Belgrado. De eardere Joegoslavyske spoarwegen steane mei wrakken fan wagons oan de rûte. It is as hawwe reuseftige struken it lân oernommen. Op de pûnbulten steane blommen yn alle kleuren. Dizze ynternasjonale trein nei Sofia is tagelyk sa'n bytsje de iennige trein op it trajekt, – in etappe yn it trajekt fan eartiids de Orient Express. Yn doarpen dêr't stoffige zastava's foar it spoar wachtsje en froulju yn keningsblauwe unifoarmen stasjonsjef binne, komme âlde minsken earsteklas oan board dy't in pear haltes letter wer útstappe.

Krekt wat fierderop sit in man dy't smookt en tillefonearret. Hy smookt mei it rútsje iepen, dat dan wol. By elk tillefoanpetear klinkt er wat lulker. Nei de skuon docht er ek de sokken út en smookt wer ien. Hy skuort papieren yn lytse snipels en goait se út it rút; se waaie efter de trein oan. Yn ien stedsje op 'e rûte stiet op it perron in man te roppen en te skellen tsjin de reizger. De trein rydt fierder, de man giet op syn plúsjen bank lizzen en falt yn sliep. Syn tastel rinkelet noch ferskate kearen, mar hy nimt net mear op.

Nei it doarp Stalać ride wy yn in smel dal yn, in kleau. Der is dan net iens in ûnferhurde dyk mear neist it spoar. De trein is it iennige motorisearre ferkear yn in lânskip fan miedlân, lytse ikkers, de bosk en de rivier. Twa wyfkes yn donkere klaaiïnge rinne in paadsje del, foaroerbûgd nei har fjildsje. By in wytpleistere kleasterke mei in koepeltsjerkje en klokkestoel rydt de trein suver oer it hiem. It is in midsiuwen, sjoen troch it treinrút.

Uteinlik stiet de trein stil yn Niš, in stêd fan betonnen fabriken dy't derhinne steane as ferstofje se op in bûthússouder. Sa't it liket midden op in emplasemint, rin ik oer it rustige grint, it is waarm en near midden op 'e dei. De lokomotyf wurdt loskeppele en nei de oare ein ta riden. Ik eagje de willekeurige samling wagons nei dy't de wei nei Sofia ferfolget. It stasjonsgebou fan Niš is as in soart grize bunker, skouders opheljend lit it de oankommende reizgers foarbygean. Ik fyn myn paad nei it busstasjon, in rige konteners oan de trochgeande dyk, mei in kaartsjekantoar en broadsjewinkeltsjes. Hast trije oeren duorret it foar't der in bus nei Skopje komt.

It kaartsje yn 'e bûse, jou ik my ôf nei in parkje en my del tsjin in prieeltsje yn it skaad. Der stiet in nijboude wite tsjerke, Sveta Petka. Ut en troch komt der ien yn en út, nettsjinsteande it fûle deiljocht stekke se kearskes oan yn swarte bakken neist de tsjerke. Putsjemannen komme by de koster del om twa gatten te boaren yn 'e foargevel, mar nei it earste gat moatte se nedich om pypskoft. De koster, in bazich kealskeard mantsje, wurdt oansprutsen troch in dame fan middelbere jierren. It petear wurdt ferheftich, diels yn it Servysk, diels yn it Ingelsk. 'A big mistake', hein ik op dat de frou seit, en 'mosque'; de koster dêrop 'the mosque was not here! – was there!', en wiist. In islamitysk godshûs sil hjir net te lang lyn ôfbrutsen wêze, en dizze ortodokse tsjerke op hast itselde stee kommen.

Op in kafeeterras bestel ik myn earste Turkske kofje fan de reis. Tsjin de slûgens en ta ferbroedering mei de oriïnt. Der is noch plak oan in taffeltsje dêr't ek in man sit te lêzen. Net allinnich dat er in boek foar him hat, makket dat er net in local liket. Hy bestelt yn it Britsk, betellet mei Servysk muntjild út in plestik bôlepûdsje, en lêst mei stúdzje in paperback oer *Conversations with God*. Underwilens skriuw ik notysjes foar myn reisferhaal. Buorman praat yn alle gefallen leaver mei syn New Age-God.

Niš → Skopje

De ferbining nei 'Skoplje' moat ik net misse, en sadwaande stean ik noch langer oan de drokke dyk te wachtsjen op in bus mei in healoere fertraging. Allinnich hielendal efteryn is noch ien plakje frij, tusken noartske gesichten en tassen op skoat. Fan waarmte en wurgens it earste stik yn 'e sûs. Mar dan bochtet de dyk spektakulêr, troch de *Grdjevlička klisura*, de grutte kleau fan de Morava. Ek de Serviërs sjogge no mei niget út it rút. Wy ride oer wat meikoarten de âlde dyk is, en mei ús op kronkelet de spoarline tsjin 'e boskige fangen oan. Oer ús hinne wurde de hege

berchbrêgen fan in autobaan boud. It is echt moai, en ek dy nije sneldyk is yndrukwekkend moai.

Yn de djipste sjoch ik ynienen in glinsterjende spoarbrêge, mei in monumint derneist. Dat moat it plak wêze dêr't yn 1999 troch in fleantúch fan 'e NAVO in brêge bombardearre waard wylst der in passazjierstrein oer ried. Us lytse, skjinne Kosovo-oarlochje tsjin Milošević. Ik wit noch dat it wat wolkom spannends wie yn dy pearse jierren '90 fol froede liberale konsensus, dat it ús oerkaam as in rjochtfeardige oarloch om slimmer foar te wêzen. Ik wie fyfdeklasser en ûntfong dat jiers fanwege myn oansteande 17e jierdei in brief fan it ministearje fan definsje, mei foar de wissigens de meidieling dat de tsjinstplicht net ôfskaft wie, allinnich oant neier oarder opskorte. Net folle letter lies ik *Im Westen nichts Neues*, oan te rieden foar naïve adolesinten fan alle leeftiden. Foarsafier myn oarlochsferline.

De haltes ûnderweis jouwe wat mear romte yn 'e bus. Yn it stedsje Vranje stappe in jonge frou en har heit yn. Se is wat stevich, sjocht der fersoarge út, swart hier en readferve lippen. Ik sit in boek yn it bûtenlânsk te lêzen, en ik sjoch har even oan. Dat moat ferwachtings wekke ha. 'How your name?', freget se. Ik antwurdzje, en al bin ik slûch, oanspraak is net ûngesellich. Se seit har namme en sjocht my oan mei fêsthechtsjende eagen. 'How is your second name?', giet it, en: 'You – friends on Facebook?' Sy stelt hjir de fragen. 'I am from Kumanovë', seit se. Oan it ynslokke lêste lûd wit ik dat se in Albaneeske Masedoanyske is. Har heit sit derby en ferstiet blykber neat fan it petear. 'Do you married?', wol se witte. It begjint hieltyd ûngemakliker te fielen, en ik sis nee. Ik set myn sinnebril op, en ik sjoch har net mear oan. Grutsk negearret se my werom. Ik fiel my in ûnfatsoenlike kloot oan it busstasjon fan Kumanovo ta.

Underwilens binne wy sa súdlik yn Servië dat der moskeeën yn de doarpkes steane. Dit is by Bujanovac, in stik Servië dêr't Albanezen wenje. Krekt bûten Kosovo.

De grins mei Masedoanië is in echte grins, elkenien de *pasosji* klear hâlde, allegear de bus út, by it Servyske dûanehokje lâns, dêr't ik gjin útreisstimpel krij. Dan rinnende nei it Masedoanyske hokje, wylst de bus efter ús oan rydt. De *pasosji* ynleverje by de dûane, werom yn de bus. Wachtsje oant se de papieren weromjouwe. Oan myn buorman synt sjoch ik dat in Masedoaniër tsjintwurdich foar in langer ferbliuw yn Slovenië in wurkfisum ha moat, – foar wat foarhinne itselde lân wie. As lêste krij ik myntes wer.

It rint nei de jûn as wy Skopje / Shkup ynride. De haadstêd fan Masedoanië is in nei east en west útrutsen provinsjestêd. It is hjir offisjeel twatalich. Fan in brêge by it stasjon ôf is de beruchte nijboude binnenstêd opfallend tichtby, útstekkend boppe braaklân. It sintraal stasjon fan Skopje is in betonnen walfisk. Tweintich jier nei de swiere ierdbeving, ha se it bist hûnderten kilometers lânynwearts lokke en op in bêd fan brede pylders ynsliepe litten. De ynrjochting sjocht derút as is it stasjon al jierrenlang noch krekt net klear om oplevere te wurden.

Op 26 july 1963 ferwoastge in ierdbeving de stêd, – sa't ierdbevings soks akelik faker dogge, yn 'e iere moarn. De weropbou fan Skopje wie bewust gjin rekonstruksje fan wat wie, mar de blauprint foar in utopy; in Japanske arsjitekt tekene it masterplan. De nije wiken binne diels flats, diels wenerf. Yn it sintrum wie moai plak foar in wat dimmen horizontaal modernisme, mei frijwat griene romte dertusentroch. Foar in stêd dy't boud is ûnder in (sij it ferljochte) diktatuer, is it sintrum demokratysk, of alteast egalitêr. De grutte strjitten komme net út by in oerhearskjend monumint, in paleis of katedraal, mar op it Masedoanië-plein, wat in iepen romte wie. De grutte publike gebouwen – de konsertseal, it winkelsintrum GTC – kamen

oan 'e sydline fan 'e sichtassen te stean, yn dimmen en horizontaal beton. Oan it sintrale plein lei de fokus op it nuttichste en ien fan de âldste symboalen fan Skopje: de *Kamen Most*, de midsiuwske brêge mei har glêdtrêden sânstiennen plaveisel, de link tusken de weropboude en de âlde Turkske stêd.

De lêste jierren ha se twa brêgen as rivalen rjochts fan de Stiennen Brêge slein. Dy brêgen ha net de elegante dromedarisbult en net it jûnige woastyngiel. It binne wite plestik ôfjitsels mei brûnskleurige plestik bylden derop fan hellenistyske hearskers en de feiligere nammen út 'e Masedoanyske literêre kanon. It binne brêgen sûnder oerstekkers, wat mei komt troch de tinnitustoan dy't út 'e lantearnepeallen klinkt – nei't se sizze tsjin de neven, nei't it liket ek tsjin demonstranten mei ferfbomkes. Ik makke útsoarte wol in kuier by de nijste nijbou lâns, mar ik sil net útweidzje oer de nasjonalistyske kitsch en it folslein gjin gefoel foar proporsje, omdat ik misdied net goedprate wol út naïve ferwûndering. It resinte nijbou-Skopje fan Nikola Gruevski-en-dy is nammentlik misdiedich, – net postmodern-iroanysk misdiedich want tsjûgjend fan wansmaak, mar objektyf krimineel: 'Skopje 2014' is boud op grutskalige fraude, op skulden meitsjen foar ûnnutte bousels en de binnenbûse fan partijgenoaten, wilens op oare plakken yn it lân de foarsjennings ferkrommelje en froulju foar in perspektyfleas lyts lean sloovje yn 'e tekstylfabriken.

Oan 'e kaai fan de Vardar, dêr't plompe, lekkke boaten yn dobberje dy't ûntwurpen binne troch ien dy't noait in skip yn it echt sjoen hat, sitte efter griene bierfleskes de bûtenlanners en de rike Masedoaniërs dy't beare as wiene se bûtenlanners. Ik gean de ynblikte klassike muzyk út 'e wei en de Stiennen Brêge oer. Troch in lytse stripe opbrutsen desoriïntaasje hinne en fia kreamkes dy't sawol Masedoanyske as Albaneeske flagjeprullen ferkeapje, rin ik de âlde Čaršija yn. Fan de leechste minaret ôf begjint de muëzzin, mei't it lêste strypke ljocht fan 'e skimer wei is. Geandewei slute de oare tuorren har oan by de koarsang. De âlde buert bestiet út lege huzen, ien ferdjippinkje boppe de winkeltsjes. Oan de heechste minaret hingje griene flaggen, it is ramadan en freed, lju sammelje har by de moskeeën, mear bûten sittend as deryn. It wurdt sneinich en stil op de glêdskjirre strjitten fan Shkup en Üsküp; ik fyn it paad oer de brêge nei myn hotelkeamer yn Skopje om de oare moarns betiid fierder.

Skopje → Bitola

Mehmed V kaam dus mei de trein nei Bitola en ik wie krechtsoks fan doel. De ien-nei-lêste Ottomaanske sultan wie noch krekt op 'e tiid foar it ferlies fan syn provinsjes, mar ik miste myn trein al wie ik iere betiid yn Skopje net it stasjon rûn. Mei ûnwittend selsbetrouwen stap ik op in loket ôf dêr't ik de oare jûns delrûn wie. Ik tink mear om myn sels in bytsje oanlearde Masedoanysk as om myn oriïntaasje, dat ik keapje beret '*edin bilet do Bitola*' foar '*denes... prvio!*' (hjoed, de earste). Ik plof even del om tefreden myn earste sels kochte kaartsje te besjen. Ik sjoch de tiid derop en lês wat derboppe stie: ik haw by fersin in kaartsje kocht foar de earstfolgjende bus nei Bitola. Ungefear op dat momint rydt boppe myn holle op it hege spoar it treintsje fuort dêr't sa graach mei yn Monastir oankaam wie.

De bus dus. Nei't ik dy moarns foar it earst *burek* mei spinaazje yt en in soertinteljend gleske *boza* oanbean krij, meld ik my by de bussen. Kaartsjes kontrolearje se foar'tst it perron op meist, sitplakken binne reservearre. De dame dêr't ik neist sit, pielt mei har taske, spegeltsje en tillefoan. It rydt de foarstêden bylâns oer in sneldyk dy't oankundige stiet as 'Autoroute

Alexandre le Grand'. Wer in rivierkleau mei beboske fangen, dan omheech en útsjoch op Veles dat ûnder in okeren patina leit. It bochtsjend ferkear moat hjir oer in smelle brêge, dêrfandinne Köprülü 'by de brêge' as de eardere Turkske namme fan it plak. Dizze flessehals fan Masedoanië soe in healhier letter ynternasjonaal yn it nijs komme trochdat hjir yn efterôfkeammerkes oars wurkleaze jongerein Ingelsktalige *fake news*-berjochten byinoar typten mei it doel de Amerikaanske ferkiezings te beynfloedzjen. Sneu faaks yn ús eagen, foar frijwat Masedoaniërs wiene se foar eefkes helden yn 'e striid foar... ja, foar wat eins...?

Efter Veles is it heuvellân mear ljochtbrún. Druven, fruitbeamkes, tabakkleurige mannen ride op trekkerkes mei weinen fol pjisken. By in restaurantsje yn Kamen Dol nimt de bus syn pypskoft. Oarekant it gongpaad sit in âlder Ingelskpratend stel mei krúswurdpuzels, it binne Australiërs dy't de Balkan yn 't rûn reizgje fernim ik as ik mei se oan 'e praat reitsje neist de bus. Hjirnei giet de dyk berchop. Rûch en stiennich, foarby spoaren fan bewenning, krûpt de strjitwei heger oer bochten mei de himel as berm. Keal stiet rûnom it wjerstribjende rotslân, it is suver net as ride wy oer in pas mar brekke wy troch de kaam fan it geberchte.

Ynienen iepenje de rotsmuorren har, grienere flanken lizze foar ús, yn 'e fierte de terrakotta oäze fan in stêd, mei brune stienklonten derefter. *Toa e... grad... e Prilep?*, de taal wer probearjend, tsjin myn sulverglânzjend blonde buorfrou. Nei hifkjend stammerjen giet it ridlik aardich, wit ik te sizzen dat ik nei Bitola reizgje... *za kulturen proekt...* en sels dat *jas sum Friziski pisatel od Holandija* (ik in Fryske skriuwer bin, út 'Hollân').

Nei de steile bergen begjint in oar, nij lân. It plateau fan Pelagoanië leit wiid tusken puntige bergen, simmerdeis brún en drûch. It is frappant hoe'n bytsje der lange iuwen bûten de Balkan bekend wie oer hoe't de berchrêgen en dellings eins rûnen yn Masedoanië en Albanië. Súdeast-Europa reizgen jo ommers foarby, oer see. Yn 1859 pas ûndernaam mei Eastenrykske subysdzje de Dútske gelearde Johann Georg von Hahn in ûntdekkingsreis om de bergen, rivieren en pleisterplakken wat kreker yn kaart te bringen. Syn reisferslaggen sitte fol ynholden fernuvering. Mar úteinlik gie it Von Hahn derom om it bêste trasee te finen foar in spoarline fan Wenen oer Belgrado en Salonika nei Konstantinopel. Burgen tusken it berchlân soene Prilep en Monastir net oan de haadrûte komme te lizzen.

Mei buorfrou praat ik fierder Ingelsk, fertel har op hokfoar literêre ekspedysje ik hjir bin. Hja is psychologe, bestjoerslid fan in Masedoanysk-Turkske organisaasje yn Bitola. Wy keuvelje oer Turkske lienwurden yn it Masedoanysk.

De stêd út is it lân toar. Pas tsjin de foet fan de folgjende berchrêch oan is it wer grien, binne der doarpen. Ik begryp hoe't fanâlds hjir libbe waard, tsjin de bergen op. Yn it flakke lân sjoch ik kij, in espeltsje fan gjin tweintich bisten, mei in hoeder dertusken mei syn stok oer de skouders. It hytst fan de dei wankt. De hoeder fan sa'n pear kij, alle dagen it fjild yn, hieltyd út 'e bewenne wrâld, – ik sjoch hoe falsk oft de pastorale idylle is. Plattelân ûntfolket, de kollektive bedriuwen binne opbrutsen, stikken boulân wurde rûchte, de lânbou buorket sels technysk efterút, al slacht noch hast 18% fan de befolking him buorkjend troch it libben. Wat wiken letter sit ik mei Masedoanyske kunde op it hotelterras yn Bitola, dêr't Australiërs en stedske boargerij de dei ferkofjedrinke, en diel ik myn observaasjes en riddenaasjes oer it potinsjeel foar grutskalige boerebedriuwen, – en fiel ik my in koloniaal, in grutgrûnbesitter yn spee.

De stêd! Under de opdoemjende griisblauwe pyramide fan de hege Pelister, de dyk wurdt breder mar minner, huzen en winkeltsjes derlâns. Lofts yn myn eachhoeke driget lykwols yn 'e

flakte ek de enerzjysintrale REK, by in ynfernale brúnkoalmyn, mei syn kankerferwekkende skoarstiennen sûnder roetfilter.

Bitola

De stêd is as in eilân. Bitola hâldt de minsken fêst oan de útrutsen kante kilometer fan de haadstrjitte Širok Sokak en de kuierpromenade nei de heuvel Tumba Kafe. Hjir kinst neistinoar sittend de foarbyridders sjen, bier en kofje drinke, waarme tsiis of bakte maïskolven ite. Simmerjûnen is de stêd it op-en-del kuierjen fan ien strjitte.

De stêd binne de grutte âlde huzen, troch en om it sintrum struid, krekt as wiene se earder út 'e grûn groeid as de strjitten dy't tusken de hiemen bochtsje. Oan de elegante kaaien fan de Dragor, skreau Von Hahn nei syn earste besite, 'strekt him in lange rige grutte nije huzen út, dêr't de talrike militêre pasja's en hegere militêre en sivile amtners wenje. De boustyl fan dy huzen is in eigensinnige mjuks fan oriïntaals en oksidintaals, dy't dêrby in grasieuze yndruk makket, en de fersiering fan 'e fasaden ferlient se, wannear't se net te bûnt keazen binne, in rjocht koket uterlik. Mar ek ôfsjoen fan dy wyk, fûnen wy yn de oare parten fan 'e stêd mear nije huzen en fris stúkte fasaden, as yn alle oare stêden, dy't wy oant dan trochreizge wiene, en wêrby't ferlike Bitolia alhiel de yndruk fan in residinsje jout.'

De huzen binne fjouwerkant en mediterraan. It is de stêd fan de eardere islamityske en Vlachske middenklasse, fan doe't de stêd opbloeide, as bestjoerssintrum mar grif ek troch tabakshannel. Guon binne tsjintwurdich yn pastelinten opknapt, guon oerlibje yn in steat fan edel droegen ferfal. Salang't dizze huzen noch steane, tusken de gribus fan kommunistyske heechbou, witsausde nijboufilla's en ynstoarte hokkeboel, hat de histoaryske stêd Bitola noch takomst.

De stêd observearje ik, as ik my deljou yn de iepensleine doarren fan in kafee tusken de katedraal Sveti Dimitrija en de âlde moskee Jeni Džamija, it notysjeboek op tafel. Ik sjoch út op 'e klokke toer en it monumint foar de 'Situaasje' fan 2001. Ik skriu, it stadige stedslibben komt foarby, it libben sa't it hjir no-ienkear komt. Ik lê de stêd as in boek yn in taal dy't ik noch net hielendal ken. Twa puberjonges fytse oer it trotwaar en slane in krúske by de tsjerke. Ut in bestelbuske stapt in pryster mei in bûk, it sturtsjehier wiet, de swarte kazuifel oan as wie it ferklaaiersklean. Hy bestelt in frappè, in jonge frou komt by him sitten mei kofje. In memkich Roma-famke op slippers triuwt in buggy mei twa pjutten foar har út. Yn it plantsoentsje by de toer poseart in moslim jonkje as in lytse karnevalsprins mei heit en mem. Húshâldings kreas yn pak en op nullehakken sammelje har om nei tsjerke. In bandsje fan trije âlde sigeuners sloft mei in selskip op, blaast in pear wurge noaten út in saksofoan, in klarinet en in trommel. As ien se betellet, blaze se grif mear.

Tusken de âlde huzen, in stap efterút, stiet it 'Nasjonale Ynstitút Universiteitsbibliteek Sint Klemens fan Ohrid', in ûnopfallende flat mei in lange betonnen trep nei de yngong ta. Bitola, haw ik nei in pear dagen troch, is in stêd sûnder echte boekhannels. Nammerste grutter wurdt de langstme nei boeken, al tref ik de bibliteek ynearsten hieltyd net iepen. Mei myn gids Marija as tolk slagje ik op in goede dei nei binnen. By de *šalter* (baly), in glêzen fêsting, ljochtsje wy ta

hoedatsa ik in abonnemint ha wol. In kontrakt mei it reglemint moat ik ûndertekenje. Om te witten oft de boeken dy't ik sykje der binne, wurde wy nei in doar stjoerd dêr't 'Ynformaasje' boppe stiet.

Yn in lyts keammerke sit in man fan in jier as tritich mei koart ljochtbrún hier by in kompjûter. It kantoarke is bekleaid mei finear. Efter him in skilderij fan in fruitskaal; yn de skilderijlist is in sticker stutsen mei it logo fan de regearingspartij VMRO. Wy wachtsje op keunstlearen bankjes yn it kantoar. De ynformaasjespesjalist moat earst noch in tillefoantsje ôfhannelje, en ik ferstean dat it oer it sikehûs giet. Dan siket er foar my titels op yn de online-katalogus en skriuwt de signatueren oer op in briefke. Dêrnei nûget er ús om even mei te sjen. De katalogus bliket gewoan op ynternet en op pc's yn de hal te rieplachtsjen, en eins wiist alles him fansels.

Werom nei de *šalter*. Wy meie wol nei ûnderen ta, nei it magazyn. De *magaziner* komt tefoarskyn út syn ûnderierdske kantoarke. In lange âldere man, wyt hier artystyk lang yn de nekke en in snor, in gielkoperen bril, it boesgroentsje yn sêft ferfloeiende metallic kleuren. Hy komt op my oer as in dichter fan sêftsedige leafdesfersen, of faaks ek in skriuwer fan bernerymkes. Hy liedt ús tusken de stellingen troch, mei meast wat bejierre boeken yn it Masedoanysk en it Servokroätysk, betomke paperbacks dy't lange jierren as ûnpopulêre stúdzjeboeken lit hawwe.

In moai steapeltsje derút nimme wy mei nei boppen, it sinneljocht yn. Wat skoalblomlêzings, te begjinnen mei njoggentjinde-iuwske folksballaden, ik leau oer helden dy't as banditen yn it berchlân skûlje en oer kristlike fammen dy't driigje te einigjen yn 'e harem fan in pasja. En wêr't ik sels op oanstien haw om it te lienen is it boek dat neffens myn hypoteze it úteinlike begjin west ha moat fan de Masedoanyske taal en letterkunde: de normative grammatika troch de filolooch, funksjonaris en dichter Blaže Koneski, út 'e jierren '50.

Boppe de grûn soe ik noch op de foto foar myn paske, yn de portierslôzje. Dat ik *stranski* (bûtenlanner) bin, fynt de fotograaf wol moai. Hy hat ek rûnom op 'e wrâld famylje, en sommet op wêr't syn pake en beppe weikamen en yn wat lannen hy neven te wenjen hat. De wrâld is uzes mei-inoar, of (mei in Masedoanysk sprekwurd) 'der binne minsken en net-minsken'. – Rillegau krij ik myn paske mei, mei dêrop myn namme dy't ik yn sels oanrette transkripsje Андре Рулоф Лојенга stavere haw – mei in *j* foar de *e* dy't eigenwiis tsjin Koneski syn taalregels yngiet, en spitigernôch ek tsjin it taalgefoel fan 'e Masedoaniërs.

De jûns kom ik nochris del. Mei de katalogus haw ik útfûn dat ik ek resinte Masedoanysk-Ingelske wurdboeken liene kin. Myn briefke mei signatueren en titels wurdt yn 'e boekelift lein, de boeken komme al gau nei boppen.

It is stil yn de bibleteek. In oere foar slutingstiid sitte de *magaziner*, mei syn wite manen, en de *portir* op 'e bank yn de hal. De *magaziner* wol my sjen litte wêr't de lêsseal is. Op 'e tredde ferdjipping binne twa lokalen mei taffeltsjes, efter glês. Keal, gjin boekekasten, mar wol útsjoch oer de stêd. Wy prate stadich en soarchfâldich Ingelsk. De *portir* ropt syn kollega ta: 'Praat dochs Masedoanysk tsjin him, oars leart er it noait!'

Ik bring de boeken nei myn keamer, lis se op tafel en gean der no net mei oan 'e stúdzje. Anst in ôfspraak mei myn gasthear-en-dy. De sêfte jûn lûkt, de stêd lûkt my om troch har strjitten te dwalen. Ik kom troch de strjitten fan in foarhinne libbenige *pazar*, it ienris ta 'Bûlevard Ien Maaie' werdoopte buertsje it easten út by de Dragor. Oer de broazelige muorren en de fergetten etalaazjes leit sepiakleurich stof dat fan 'e Pelagoanyske flakte waaid is. In tinnen skearkom,

krekt de helm fan Don Quichot, hinget boppe de iepensteande doar fan in barbierswinkel, dêr't in minstens tachtichjierrige skearbaas him noch wart tusken doffe spiegels en de swietrook fan klonje en pommade. Sels de beammen oan 'e kaai binne griis, wylst it fan sinnedelgean nei skimer glydt. Ik hear in skel fluitsjen, dat him twingjend werhellet, hurder en tichterby driuwend. It is de trein! Oer ûnbewekke oergongen krûpt er nei Monastir, syn einstasjon. Efter de eastlike wenwyk rattlelet en fluitet er fierder, en ik slaan ôf troch oare bochtsjende strjitten werom nei it krúspunt oan de Širok Sokak dêr't ik ôfpraat haw. Yn Bitola bin ik oankommen.